


Frysk Keunstynstitút

F07-1991

jierferslach



1991

061.22:353:7/8 (060.555)(492.71)

Boekmanstichting - Bibliotheek
Herengracht 415
1017 BP Amsterdam
Tel. 6243739

Jierferslach 1991

Boekmanstichting - Bibliotheek
Herengracht 415
1017 BP Amsterdam
Tel. 6243739


Jierferslach 1991

Ljouwert, 1992

Jierferslach 1991

<i>Ynhâld</i>	<i>side</i>
1. <i>Ynliding</i>	1
2. <i>De organisaasje</i>	2
2.1. <i>Untwikkeling</i>	2
2.2. <i>Bestjoer</i>	4
2.3. <i>Stichtingsried</i>	4
2.4. <i>Kommisjes</i>	5
2.5. <i>Meiwurk(st)ers</i>	7
3. <i>De aktiviteiten</i>	8
3.1. <i>Byldzjende keunsten</i>	8
3.2. <i>Poadiumkeunsten</i>	10
3.2.1. <i>Dûns</i>	10
3.2.2. <i>Muzyk</i>	12
3.2.3. <i>Toaniel</i>	13
3.3. <i>Aktiviteiten</i>	14
3.4. <i>Dokumintaasje</i>	17
3.5. <i>Stipe</i>	18
3.6. <i>Ferskaat</i>	19
4. <i>Bylagen</i>	

De foto's yn dit ferslach binne (útsein as oars fermelde wurdt) yn de rin fan de Wike fan de Keunst makke troch Jikky Cats.



wike fan de keunst

foto leeuwarder courant



1. Ynlieding

'Kunst kost moeite', sa wie de titel fan de troch Ton Entius hâlden ynlieding op it troch it Frysk Keunstynstitút organisearre symposium oer de dûbele moraal fan keunstbedriuwen dat op 30 augustus 1991 oan it begjin fan de 'Wike fan de Keunst' hâlden waard. Eltse kear weroan moat it moaie befochten wurde op it sljochtweiinne, op it fermaak of op it gemak.

Moaie wurden genôch mar hoe oars is meastentiids de praktyk, sa liet de sprekker sjen. Keunst kostet moeite, ferget ynspanning en giet nea fansels.

Dat jildt ek foar it earste jier fan it Frysk Keunstynstitút.

It beslút ta it oprjochtsjen fan de nije organisaasje is maklik nommen, mar dan begjint de hurde werklikheid.

Ferwachtings binne hurd wekt, mar de deistige praktyk moat it beânderjen wol mooglik meitsje.

It Frysk Keunstynstitút is yn syn earste jier mear as ien probleem tsjinkommen.

Neat gie fansels, krekt oarsom, der wiene in soad saken dy't de nedige moeite kosten.

De klam hat yn it ferslachjier hieltyd op it wurk sels lein.

Feitlik wie it de nije organisaasje ek net gund om de eigen organisaasje earst op te bouwen om dêrnei mar mei it wurk útein te setten.

Dat keunst moeite kostet hat dêrby earder ynspiraasjeboarne as obstakel west.

Fan wurk en ûntwikkeling fan it Frysk Keunstynstitút yn syn earste jier bringt dit jierferslach de lêzer op de hichte.

Reaksjes en fragen nei oanlieding fan dit ferslach binne tige wolkom!

2. De organisaasje

2.1. Untwikkeling

Mei it op 1 jannewaris 1991 yngean fan it nije karbrief wie it Frysk Keunstynstitút op dy datum in feit. Dat is lykwols noch wat oars as dat op dy datum ek alles rûn en klear wie. Nettsjinsteande al it tariedende wurk ferset troch de wurkgroep Frysk Keunstynstitút, besteande út de foarsitters fan de trije gearstellende organisaasjes, te witten de Fryske Kultuerried, it Frysk Toaniel Ferbân en de Stichting Dûns, moast der noch fan alles dien wurde om de organisaasje sa goed mooglik yn kalk en semint te krijen.

Sa koe it nije bestjoer yn syn earste op 3 jannewaris 1991 hâlden gearkomste him fuortdaliks bûge oer it foarriedich pleatsingsplan foar de nije organisaasje, mar dat betsjutte ek dat de arbeidsoerienkomsten mei de meiwurk(st)ers earst per 1 maart ûnderskreaun wurde koenen. Dêrmei wie de personielsproseduere lykwols noch net ôfrûn om't twa belanghawwenden gebrûk makken fan de mooglikheden ta it meitsjen fan beswier tsjin de beane funksje. Om foar de knyp punten en swierrichheden in oplossing te finen soe it jier by eintsjebeslút noch te koart wêze. Ien en oar joech net allinne oanlieding ta in soad bestjoersomtinken, mar ek ta mear as ienris oerlis mei it Provinsjaal Bestjoer fan Fryslân.

Op personiëlmêd wie der fierder op 1 jannewaris 1991 noch gjin oplossing foar de eardere Kultuerried-funksjes op it mêd fan Fryske Saken, it foarmingswurk en it emansipatoarysk-edukatyf wurk foar froulju.

De funksjonaris foar Fryske Saken gie ein jannewaris oer yn provinsjale tsjinst, de meiwurkster foar it foarmingswurk fûn mei yngong fan 1 maaie in funksje yn it ûnderwiis en de meiwurksters foar it emansipatoarysk-edukatyf wurk foar froulju bleaunen it hiele jier yn ôfwachtsjen fan in organisatoaryske oplossing ûnder de wjukken fan it Frysk Keunstynstitút. It lêste hâlde ek yn dat fan it Frysk Keunstynstitút út it ôfrûne jier noch in soad tiid sitten gien is yn it realisearjen fan de nije organisaasje foar it frouljuswurk en in sa goed mooglike oergang fan de meiwurksters nei dy organisaasje.

In probleem wie fierder de omfang fan beskate funksjes en de omfang fan it wurk. Sa is de omfang fan it Buro Sintrale Stipe te lyts om sawol oan de eksterne as de ynterne fraach te foldwaan. Ek dogge har tûkelteammen foar op it mêd fan de byldzjende keunsten dêr't de funksje fan technysk-artistysk meiwurker te krap bemetten is en op it mêd fan de muzyk, dêr't in konsulint foar fjouwer dagen wyks it wurk net benei komme kin.

Om de problemen lytser te meitsjen waard it beslút nommen de konsulinten ek oan it al besteande kompjooternetwurk te ferbinen, sadat it beslach op de administrative funksjes lytser wurdt. Lokkigernôch naam it Provinsjaal Bestjoer it beslút ekstra jild foar dy oanpak beskikber te stellen.

Fierder waard it beslút nommen om mei help fan de gemeentlike banepool te besykjen nije minskkrêft oan te lûken.

Op finansjeel mêd waard it Frysk Keunstynstitút it hiele jier konfronteard mei foarse likwiditeitsproblemen. Oan it Provinsjaal Bestjoer waard útsteld om û.o. mei in oare subsydzjebefoarskotting dy problemen op te lossen. Ien en oar waard lykwols yn it ferslachjier net mear realiseard.

Finansjele drompels foarmje ek mei de grûnslach foar it noch net realisearjen fan in adekwatere húsfersting foar de nije organisaasje. Foaral it missen fan repetysjeromten en it

feit fan in bilokaasje meitsje dat der in driuwend ferlet is fan in nije húsfesting. Neidat ek yn 1990 al in soad tiid en enerzjy yn de húsfestingsproblematyk ynvesteard wie, waard op 11 april dat ûnderwerp wer oppakt, doe't it Provinsjaal Bestjoer fertsjinwurdigers fan de gemeente Ljouwert, de FTS Tryater en it Frysk Keunstynstitút foar in petear útnege om de mooglikheden ta nije en mienskiplike húsfesting nei te gean. Dat petear resultearde yn regelmjittich oerlis oer in ynfolling fan de ûnderskate romtlike winsken yn it Arendstúnkompleks te Ljouwert. Spitigernôch koe ien en oar net mei posityf resultaat yn it ferslachjier ôfsluten wurde. De besprekkings geane lykwols troch. De kar foar in mienskiplike húsfesting mei it toanielselskip Tryater biedt sicht op in oantreklik en funksjoneel oparbeidzjen mei dy organisaasje.

It Frysk Keunstynstitút is op 1 jannewaris útein set sûnder beliedsplan en wurkprogram. Wol wienen yn de tariedingstiid inkelde notysjes makke oer doel en taken fan de nije organisaasje en joegen de ûnderskate Steatebesluten dúdlik rjochting oan it wurk, mar dat wie ûnfoldwaande om adekwaat rjochting te jaan oan de nije organisaasje. Dêrom hawwe de konsulinten fan it Ynstitút fuortdaliks yn jannewaris trijeris lang om de tafel sitten om de linen en kontoeren foar it wurk út te setten.

Nei de simmerfakânsje waard mei it formulearjen fan in beliedsplan foar de jierren 1992-1995 útein set en op 28 novimber koe it bestjoer de foarriedige ferzy fan 'Tusken ambysje en werklikheid. Beliedsplan fan it Frysk Keunstynstitút 1992-1995. Program 1992' fêststelle. Definitive fêststelling wachte doe noch op it advys fan de Stichtingsried.

Yn de fierdere opbou fan de organisaasje paste ek it troch it bestjoer formulearre belied oangeande kommisjes en projektgroepen fan it Frysk Keunstynstitút. Der waard besluten om wurkgroepen yn it libben te roppen c.q. al besteande kommisjes as sadanich fuortbestean te litten foar resp. de dokumintaasje op it mêd fan de byldzjende keunsten, de útfiering fan de provinsjale regeling teater en muzyk, it wurk om it Frysk Kostúm hinne, de dûns, it toaniel en it redigearjen fan de Fryske Toanielkrante.


Foar de kommisjes waard in reglemint ûntwurpen. De nije kommisje toaniel sette op 16 septimber mei har wurk útein. Op 26 septimber fûn der oerlis pleats mei it bestjoer fan de Stichting Dûns oer de kommisje-opset, dy't dêrnei ek foar de dûns realiseard waard.

Foaral mei it each op slachfeardigens en rjochtsposysjonele aspekten naam it Bestjoer de foarstap ta it oprjochtsjen fan de Stichting Projekten Keunstynstitút. It bestjoer fan dy nije stichting is itselde as dat fan it Frysk Keunstynstitút. As earste aktiviteit naam de Stichting Projekten Keunstynstitút de tydlike meiwurker fan de Jeugdteaterskoalle yn tsjinst.

Mei it Fries Centrum voor Amateurtoneel/Amateurtoanielskoalle waard oer de detasjearring fan de twa provinsjale toanieladviseurs oerlein. Ien en oar koe yn de rin fan it jier syn beslach krije mei it ûnderskriuwen fan de dêrta makke oerienkomst. It is it doel dat de detasjearring op 1 jannewaris 1995 ôfrint.

Foar de relaasje mei it persoanel waarden ôfspraken makke oangeande de ynstelling fan in personielsfertsjinwurdiging.

Wol hiel grut wie de ferrassing doe't it bestjoer útnege waard foar in op 1 maaie mei it Provinsjaal Bestjoer te hâlden bestjoerlik oerlis, dêr't meidield waard dat de Provinsje oan de Steaten útstelle woe om de hiele sektor byldzjende keunsten en de dokumintaliste fan it Frysk Keunstynstitút yn it Fries Museum ûnder te bringen. De ferrassing wie dêrom ek sa grut om't de Steaten noch net in healjier earder it beslút



wike fan de keunst



nommen hienen oangeande it mooglik meitsjen fan it Frysk Keunstynstitút. It yn dat ferbân wichtige Steatebeslút fan 19 desimber 1990 sei yn dizzen: "Dit FKY neemt alle steunfunctio- narissen voor de kunsten in dienst en biedt steun op het brede kunstenterrein, te weten de beeldende kunst, de muziek, het drama, de dans."

It seit himsels dat it bestjoer him fuortdaliks mei krêft fan arguminten tsjin it foarnimmen fan it Kolleezje fan Deputearren keard hat. Dat hie lykwols mar foar in part resultaat, want yn de yn juny nei bûten brochte konseptnota 'Beeldende kunst Friesland' waard in part fan de eardere foarnimmens oerein hâlden troch út te stellen net de konsulint byldzjende keunsten mar wol de oare earderneamde funksjes nei it Fries Museum oer te bringen.

Op in op 20 novimber hâlden ynspraakjûn waard fan de kant fan it Frysk Keunstynstitút it ferkearde fan dy útstellen nochris dúdlik makke. De Provinsje sei dêrnei ta ek de dokumin- taasje by it Frysk Keunstynstitút litte te wollen.

Hoe't ien en oar krekt komt moat de tiid nei 1 jannewaris 1992 noch útwize.

Op fersyk fan it Provinsjaal Bestjoer joech it bestjoer in skriftlike reaksje op en hie oerlis mei it Provinsjaal Bestjoer oer it troch de Provinsje presintearde 'Fries Cultuur-toeristisch Ontwikke- lings- en Aktieplan'.

Yn de reaksje waard de meiwurking fan it Frysk Keunstynstitút tasein foar it meihelpen ien dúdlik kultuertoeristysk produkt op de merk te bringen.

Dat meihelpen soe bestean moatte út in ynfolling mei keunstaktiviteiten boppe it al oanwêzi- ge aanbod en ta it fersterkjen fan besteande kwaliteit. Oars as de provinsjale nota die, keas it Frysk Keunstynstitút foar in beheining yn en konsintraasje fan aktiviteiten. In tema lykas 'Fryslân - alve stêden' liket dêrby hiel brûkber.

Boppedat soe der neffens it Keunstynstitút net fuort oan in nije organisaasje foar it kultuertoe- risme tocht wurde moatte mar earst neigien wurde oft in oansluten by de besteande provinsjale organisaasjes net doelmjittiger is.

2.2. Bestjoer

It bestjoer kaam yn it ferslachjier tolve kear byelkoar yn de folgjende gearstalling:

- Drs. H.R. Heite, foarsitter, Wolvegea
- mefrou P.H. Dijksterhuis-De Haan, skriuwer, Warkum
- Mr. R.W. de Casseres, ponghâlder, Ljouwert
- K. Wielinga, twadde foarsitter, Feanwâlden
- D.E. Heere, lid, Ljouwert.

Mei yngong fan 1 desimber 1991 waard it bestjoer útwreide mei

- mefrou H. Ludwig, lid, Peins,

dy't op grûn fan kêst 6.2.c. fan it karbrief troch it personiel foar beneaming foardroegen wie.

2.3. Stichtingsried

De Stichtingsried kaam yn it ferslachjier gear op tongersdei 28 novimber 1991. De ried is as folget gearstald:

- B.S. Adema, Dokkum, BNA-ôfd. Fryslân
- J. Buchener, It Hearrenfean, Noardlike Skouboarchdireksjes
- D. Dam, Surhústerfean, SAKO en SAMO

- mefrou L. van den Ende, Ljouwert, St. Dûns
- mefrou G. Frieswijk, Mildam, FTF
- J. Haantjes, Ljouwert, Fria
- mefrou C. Laanstra, Ljouwert, St. Dûns
- J. Scheepsma, Ljouwert, St. Friesland Pop
- ir. M. Schutten, Ljouwert, Friese Bouwkring
- G. Tonen, Ljouwert, Noardlike Skouboarchdireksjes
- H.H. Töben, De Lemmer, Friese Jazzfederatie
- G. Veldman, Koarnjum, FTF
- A. Zandstra, Ljouwert, BBK.

De Stichtingsried naam yn syn earste gearkomste it beslút om yn de mande mei it bestjoer gear te kommen ûnder it foarsitterskip fan de foarsitter fan it bestjoer.

2.4. Kommisjes

Dokumintaasjekommisje byldzjende keunst

- G. Schaap, Ljouwert, foarsitter
- H. Comis, Sint Jabik, NVVK
- mefrou J. Heman, Ljouwert, Fria
- A. van der Linden, Wolsum, Ned. Kring van Beeldhouwers
- R.B. Rinsma, Tytsjerk, SBK
- J. Werdmuller, Dokkum, BKF
- A. Zandstra, Ljouwert, BBK

Kommisje regeling teater en muzyk

- G.A. ter Horst, Deinum, foarsitter,
- J.J. Buchener, It Hearrenfean
- mefrou L. Fokkema
- Th.P. van der Goot
- mefrou P. Graafsma
- A. van der Sluis
- Kees Stoop, Snits
- G. Tonen, Ljouwert

Kostúmkommissje fan Fryslân

- mefrou M. Keizer, Feanwâlden, foarsitter
- mefrou A. Fokkema, Ternaard
- mefrou G. ter Haar, Warkum
- mefrou S.L. Jonkers, Harns
- mefrou H. Nauta-Abma, Snits
- mefrou L.M. Schurer-De Haan, Dokkum
- mefrou R. Walsma, Hurdegaryp
- mefrou S.I.E. Wille-Engelsma, Ljouwert

Kommisje Dûns



- A. Posthumus, Ljouwert, foarsitter, Federatie van Folkloristische Dansgroepen in Nederland Distrikt Noord
- mefrou A. van Dijk, Ljouwert, FFS
- mefrou L. van den Ende, Ljouwert, Overleg Danspedagogen
- S. Heida, Federatie van Folkloristische Dansgroepen in Nederland Distrikt Noord
- mefrou C. Laanstra, Ljouwert, FFS
- mefrou H. Schut, Ljouwert, FFS
- mefrou T. van der Velde, Snakkerbuorren, Overleg Danspedagogen

Kommisje Toaniel

- G.F.J. Veldman, Koarnjum, foarsitter, FCAA
- J. Calsbeek, Akkrum, STUFT
- A.P. de Vries, Weidum, IFAT
- mefrou G. Frieswijk, Mildaam, BFT
- P. te Nuyl, Ljouwert, Tryater

Redaksje Fryske Toanielkrante


- J. Hager, Gytsjerk, haadredakteur
- J. van der Veen, Ljouwert, ein-redakteur
- W. Daane, Marsum, lay-out redakteur
- mefrou R. Landman, Snits
- W. Berga, Twellegea
- mefrou J. de Haan, Frjentsjer
- H. Brans, Húns



wike fan de keunst



2.5. Meiwurk(st)ers



* detasjeard by it FCAA.

De personele gefolgen fan de reorganisaasje wienen ek yn de rin fan it ferslachjier noch merkber. Sa moast der 25 jannewaris ôfskie nommen wurde fan J. Brandsma dy't him sûnt 1 july 1977 by de Fryske Kultuerried dwaande hâlden hie mei benammen de Fryske literatuer en it Frysk toaniel. Hy gie yn provinsjale tsjinst oer.

Op 1 maaie ferliet mefrou J. van der Luit de organisaasje om't hja in beneaming krigen hie by de Agrarische Hogeschool Friesland en it Van Hall Instituut. Hja arbeide sûnt 1979 by de Fryske Kultuerried op it mêd fan it foarmingswurk.

Yn de fakatuere fan administratyf meiwurk(st)er foar it emansipatoarysk-edukatyf wurk foar froulju koe mei yngong fan 15 april 1991 foarsjoen wurde troch de beneaming fan mefrou W. Dölle-Van der Wal.

Op it mêd fan it emansipatoarysk-edukatyf wurk foar froulju ferfolden fierder mefrou G.F. Gepken en mefrou R. van den Ham tegearre in folsleine konsultiefunksje.

De fakatuere fan dramaturch koe mei yngong fan 1 july ferfold wurde troch de beneaming fan H.L. Brans.

Mefrou A. Ferwerda en J.H. Lamminga wienen yn it ferslachjier personielfertsjinwurdiger. Trije meiwurksters wienen it ôfrûne jier 12½ jier yn tsjinst fan de organisaasje, te witten G.F. Gepken, M. Gerlisma en A. Hoekstra.

Op tongersdei 23 maaie hat der in personielfertsjinwurdiger plakfûn dêr't de Vrije Akademie yn Delft yn besocht waard.

3. De aktiviteiten

3.1. Byldzjende keunsten

It ferslachjier sette útein mei it tarieden en meitsjen fan de nije edukative útstalling '**Bouwen met Verbeelding**'. Dêrta wie oerlis mei ûnderskate architekten nedich, in klankbyld waard gearstald en in foar learkrêften ornearre begeliedend boekwurkje makke.

Op 14 maaie fûn de net-offisjele premiêre fan 'Bouwen met Verbeelding' pleats yn it kultureel sintrum De Skâns op De Gordyk. De offisjele presintaasje fûn plak yn de op 28 juny 1991 yn de Ljouwerter Kânselarij organisearre '**Nacht van de Architectuur**'. Dy nacht frege ek fierder de nedige organisatoaryske en ynhâldlike stipe.

'Bouwen met Verbeelding' wie yn it ferslachjier te sjen yn:

- De Gordyk, 14 maaie - 7 juny: 150 besiters
- De Jouwer, 3 septimber - 30 septimber: 480 besiters
- Burgum, 12 novimber - 16 desimber: 100 besiters
- Frjentsjer, 18 desimber - 1 febrewaris 1992, 700 besiters.

De earder makke edukative útstalling '**Sculptuur is maar een woord**' wie te sjen yn:

- Drylts, 3 jannewaris - 8 febrewaris: 350 besiters
- Meppel, 26 febrewaris - 16 maart: 1025 besiters
- It Hearrenfean, 19 maart - 18 april: 400 besiters
- Wolvegea, 7 maaie - 17 juny: 150 besiters.

Njonken de produksje fan de útstallings soarge it Frysk Keunstynstitút foar it ferfier, it ynrjochtsjen en it begelieden.

Foar de manifestaasje 'Tuin '91' yn de Ljouwerter Frieslandhal waard in útstalling makke: '**Beelden in de Tuin**'.

Op snein 29 septimber koenen yn **Berlyn en Potsdam** twa útstallings mei hjoeddeiske keunst út Fryslân iepene wurde. Yn Berlyn gie it om de yn 1990 yn Ljouwert hâlden útstalling 'Met de dood in de ogen' en yn Potsdam om in útstalling fan wurk fan Anne Feddema, Antonia Talamini en Gerrit Terpstra. Foar beide útstallings fersoarge it Frysk Keunstynstitút it ferfier, de fersekering en it ynrjochtsjen, wylst de lêste ek troch it Keunstynstitút makke waard. De beide útstallings wiene oant de ein fan it jier yn Dútslân te sjen.

Foar de jierliks weromkommende byldzjende keunstmanifestaasje '**Noordkunst**' yn de Bernhardhoeve te Súdlaren waard in presintaasje mei 'Procedure XII' fersoarge. Ek 'Bouwen met Verbeelding' waard dêr sjen litten.

Foar it Provinsjaal Bestjoer fan Fryslân waard fan 30 augustus oant en mei 22 septimber yn de Ljouwerter Kânselarij de útstalling fan de troch de Provinsje diene keunstoankeapen organisearre. Dy útstalling koe op 30 augustus troch de foarsitter fan it Frysk Keunstynstitút iepene wurde.

It Fries Museum waard holpen by de tarieding fan in útstalling 'Tien jaar verzamelen'.

In soad tiid frege de útjefte '**Beeldende kunstenaars Friesland**'. Op 19 desimber koe de foarsitter it earste eksimplaar oan de deputearre foar kultuer oanbiede. It boek is ferskynd yn in oplage fan 750 eksimplaren en lit it wurk sjen fan 277 yn Fryslân arbeidzjende keunstners.

Ek in soad tiid waard stutsen yn it tarieden fan it útstallingsprogram yn de Westerkerk te Ljouwert.

Fierder waard de nedige stipe jûn oan it Monument van de Maand, de Initiatiefgroep tot Behoud van Culturele Voorzieningen (gebou en ark fan de Akademy Vredeman de Vries), de Initiatiefgroep Ateliervoorzieningen en de Stichting Keramische Kunst en Vormgeving. Foar de lêste organisaasje waard û.m. in beliedsnotysje skreaun en útein set mei de tarieding fan in sympoasium 'Keramiek en Industrie'.

Op it mêd fan de byldzjende keunsten waard riejûn oan tal fan byldzjende keunstners oer allerhanne aspekten fan de beropspraktyk, oan de wolstânsorganisaasje 'Hûs en Hiem' oer útstallingsmooglikheden en de fraach nei oparbeidzjen by keunstopdrachten, de Christelijke Hogeschool Noord-Nederland oer útstallings yn Aeolus, de Nynkepleats yn Piaam oer in útstallingsprogram, de Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland yn ferbân mei útstallings op it mêd fan de 'heemkunde', de Stichting Beeldende Kunst oer de útjefte fan in rige 'Prent en poëzie', de Stichting Samenwerking Dorpshuizen Friesland om yn oparbeidzjen mei it Frysk Keunstynstitút en de Stichting Beeldende Kunst in tal lytsere útstallings foar roelaasje lâns de doarpshuzen te meitsjen en de wurkgroep Kunstmanifestatie Litouwen oer it byldzjende keunst-ûnderdiel.



Oan de gemeente Weststellingwerf, de Christelijke Hogeschool Noord-Nederland, de Fryske Akademy, de Stichting Heerenveen in Beeld, de kunstcommissie Wymbritseradiel, de Stichting Kunstprojekten Sneek, Rederij Doeksen fan Skylge, en de wenningbouferiening 'Beter Wonen' te Ljouwert waard riejûn yn it ramt fan it ferlienen fan in keunstopdracht.

Dokumintêre stipe wie der foar it Fries Museum, Galerie Molenaars út Breda, Nelly Spanjersberg, keunstbemiddeling út Barneveld, Bas Huisman út Grins, Kunsthuis Noord 200 te Warkum, it Friesch Dagblad te Ljouwert, de International Art Foundation te Amsterdam, Galerie Mokum te Amsterdam, de provinsjale advyskommisje foar de byldzjende keunst, galery Jongerius te Jiskenhuzen, de kommisje byldzjende keunst Tytsjerksteradiel en de ôfdieling iepenbiere wurken fan de gemeente Tytsjerksteradiel.



Acht kear waard yn it ferslachjier in rûnskriuwen foar byldzjende keunstners ferstjoerd.

Yn opdracht fan it Provinsjaal Bestjoer fan Fryslân waard de Oankeapsubsydzjeregeling Keunstwurken útfierd. Troch it allinne subsidiearjen fan op útstallings diene oankeapen waard de regeling, oars as earder, moai oer it hiele jier spraat. Yn it ferslachjier waarden 294 oankeapen subsidieard. Dêrby gie it om 18 ûnderskate útstallingsromten. Sân dêrfan wiene bûten Fryslân fêstige.

It Frysk Keunstynstitút hat yn it ferslachjier twaris in **keunstreis** foar byldzjende keunstners organisearre. Op twa novimber wie der in reis nei Düsseldorf, dêr't de útstalling mei it wurk fan Max Ernst de oanlieding ta foarme en op 14 desimber waard in reis organisearre nei de



wike fan de keunst



útstalling fan Marcel Duchamp yn Antwerpen.

Foarôfgeand oan de reis nei Antwerpen hat de konsulint byldzjende keunsten foar de dielnimmers oan de ekskurzje en de leden fan it Keunsthistoarysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy in lêzing hâlden oer de betsjutting fan Marcel Duchamp foar de hjoeddeiske keunst. Dy lêzing waard ek as gastkolleezje oan de ABK 'Minerva' yn Grins jûn.

Yn de lêzingerige fan de Stichting Beeldende Kunst waard twaris in lêzing troch de konsulint fersoarge.

Sjuery-wurksumheden waarden útfierd foar it ûnderdiel ûntwerpen fan it 'Kunstbende'-projekt en fan it wurk fan skoalbern nei oanlieding fan it sjen fan 'Sculptuur is maar een woord' en 'Bouwen met Verbeelding'.

De konsulint byldzjende keunsten skreau yn it ferslachjier oer it wurk fan Paulien Ploeger foar in brosjure en foar it yn Australië útjûne 'Ceramics, Art and Perception'. Ek foar Henk Lampe waard in brosjure skreaun.

Yn 'Punt Uit' waard fiifris in bydrage skreaun oer it wurk fan in Fryske byldzjende keunstner. In 'Te gast' fan de Leeuwarder Courant waard brûkt foar in bydrage oan de diskusje oer de problemen om 'Who's afraid of red, yellow and blue' hinne.

Foar it Monument van de Maand waard in bydrage skreaun oer jonge boukeunst yn Fryslân en foar it Fryslân-nûmer fan 'Monumenten' waard in artikel skreaun mei as titel: 'Het vakantie-virus in de cultuur'.

Katalogi-teksten waarden der skreaun foar Ad de Laat, Lex van Liter en Noordkunst '91.

Utstallings waarden troch de konsulint byldzjende keunsten iepene yn Snits, It Hearrenfean, Potsdam en Ljouwert.

Yn it ferslachjier waard in tal kearen yn in lytsere rûnte praat oer de opset fan in nij tydskrift foar boukeunst en byldzjende keunst yn Fryslân. De konkretisearing fan in earste útjefte fan 'Praktikabel' kaam moai neier doe't it Anjerfonds Friesland in bydrage foar in 0-nûmer beskikber stelde.

As lêste punt moat op dit plak fermeld wurde dat de wiksellisten tolve kear yn it ferslachjier ferhierd waarden en de útstallingsskotten santjin kear.

Foar 61 útstallings yn de provinsje waard de fersekering fersoarge.

3.2. Poadiumkeunsten

3.2.1. Dûns

Tige súksesfol wie wol de organisaasje fan in **Bernedûnsdei** dy't op 2 febrewaris yn oparbeidzjen mei skouboarch De Harmonie yn Ljouwert hâlden waard. Doe't harren 120 dielnimmers en dielnimsters opjûn hienen moast allinne al sjoen de romte in dielnamestop ynsteld wurde.

Net minder súksesfol wie it op 1 juny yn de Drachtster Lawei organisearre **Amateurdûnsfestival**, dat as provinsjale foarronde foar it lanlik amateurdûnsfestival hâlden waard. Meielkoar presintearde 24 dûnsgroepen mei meielkoar 280 dielnimmers harren kinnen. De sjuery karde de jeugdgroep fan Grietine Dûns en Teater út It Hearrenfean út om Fryslân op 14 en 15 desimber yn Den Haach te fertsjinwurdigjen.

It Frysk Keunstynstitút naam net allinne de organisaasje fan de provinsjale dei yn Drachten foar syn rekken, mar wurke ek mei oan de organisaasje yn Den Haach. Foarôfgeand oan de

dei yn Drachten waard foar de dielnimmende groepen in stúdzjemoarn 'ljochttechnyk' organisearre, dêr't tolve dielnimmers oan meidienen.

Yn oparbeidzjen mei de provinsjale toanieladviseurs waard op 18 oktober yn Ljouwert foar 30 jeugdige dielnimmers in slagge **musicaltraining** organisearre.

Fjirtich bern dienen fan 1 oant en mei 6 july mei oan it foar de tredde kear yn de gebouwen fan de Fryske Folkshegeskoalle op Skylge organisearre **dûnsfakânsjekamp**.

Dêrmei kin fêststeld wurde dat de aktiviteiten rjochte op bern en jongerein en mei bedoeld om de belangstelling foar de dûns te stypjen, wakker oanslein binne.

Datselde jildt feitlik foar it kursuswurk dat rjochte is op de âlderein. De **âldereinbals** sa't dy yn de rin fan maart yn resp. Beetstersweach, Dokkum, Frjentsjer, De Jouwer en Ljouwert ûnder auspysjes fan it Frysk Folkdûnssintrum organisearre waarden, lutsen sawat 1250 dielnimmers.

Foar de **dûnsdosinten** yn Fryslân waarden kursussen organisearre yn de foarm fan in dûnstrijedaachse yn begjin jannewaris, in trainingswykein Funky, Jazz en Hiphop en in wykein Bodymind-centering; dêr dienen resp. 22, 33 en 8 dielnimmers oan mei.

In op 23 maart organisearre **dûnsmuzikantekursus** luts 16 dielnimmers.

De training foar **dûnspedagogen** dy't yn tsien lessen jûn wurdt, sette op 13 novimber útein mei 16 dielnimmers.

Foar it **folksdûnskader** waarden byopliedings bernedûns (28 septimber, 23 dielnimmers), Kiersdûnsen (16 maart, 22 dielnimmers) en Russyske dûnsen (2 febrewaris, 36 dielnimmers) organisearre.

De byoplieding '**Meer bewegen voor ouderen**' luts 81 dielnimmers.

Fierders waarden der sân dûnsdagen en/of wykeinen organisearre yn de dissiplines:

- Amerikaans (23 maart, 28 dielnimmers)
- Ingels (13 april, 18 dielnimmers)
- Turks (14 septimber, 18 dielnimmers)
- Nederlâns (29 oktober, 23 dielnimmers)
- Samoaans (30 novimber, 66 dielnimmers) en
- Russys (2 febrewaris, 36 dielnimmers).

In wykein Dútse dûnsen is net trochgien.

De **nijierskursus** en de grutte **folksdûnsdei** op resp. 7 en 8 jannewaris en 27 april waarden mei 31 en 200 dielnimmers goed besocht. Yn De Gordyk, Ljouwert en Snits waard in dûnsmuzikantekursus organisearre mei 40 dielnimmers.

De konsulinte dûns die sjuerywurk foar it al earder neamde 'Kunstbende'-barren yn Fryslân. Boppedat wie hja yn it ferslachjier anneks mei it wurk fan de artistike kommisje fan de Stichting Frysk Festival en de organisaasje fan de Jeugdteaterdagen.

It oerlis fan de dûnspedagogen waard ûnderstipe, lykas de bestjoersgearkomsten fan de Stichting Dûns dy't, sa't al earder opmurken is, yn it ferslachjier syn wurk fuortset hat. De Stichting Dûns kaam yn it ferslachjier alve kear byelkoar. Dat barde net allinne om ta in sa goed mooglik en gearhingjend aktiviteiteprogram te kommen mar ek om te praten oer de yntegraasje fan de stichting yn de foarm fan in kommisje foar de dûns binnen de Keunstynstitút-organisaasje.

De konsulinte dûns fersoarge yn novimber de foarljochting oer de beropsmooglikheden op it

gebiet fan de dûns op de dêrta organisearre beroppemanifestaasje foar learlingen út it middelber fuortset ûnderwiis.
Foar de simmerfakânsje waard op romme skaal it aktiviteiteprogram 1991-1992 ferspraat en fierder waard trijeris in nijsbrief rûnstjoerd.

3.2.2. Muzyk

Njonken de stipe oan benammen it **Samenwerkingsverband Muziekorganisaties (SAMO)** en it **Samenwerkingsverband Korenorganisaties (SAKO)**, sawol as bestjoersadviseur, tarieder en útfierder fan de aktiviteiten as begelieder fan û.m. it jeugdharmony-orkest en de jeugdbrassband, moatte yn it foarste plak in twatal nije inisjativen neamd wurde.

As aktiviteit fan it Frysk Keunstynstitút, yn nau oparbeidzjen mei de SAKO en de muzykskoalle Schoterwerven, wurdt der arbeide oan it ta stân bringen fan in **koarskoalle**. Dy skoalle moat mei it antwurd biede op de fergrizing fan de koaren yn Fryslân.

As ferfolch op it foar de twadde kear organisearre **hoarnkonkoers** is der besluten ien en oar te ynstitusjonalisearjen, sadat der oer in pear jier in grut konkoers fan heech en ynternasjonaal nivo yn Fryslân plakfine kin. Besluten is om ien en oar ûnder te bringen yn in nije rjochtspersoan, dêr't de muzykkonsulint it amtlik skriuwerskip fan foar syn rekken nimt. Yn de rin fan it ferslachjier koe de akte ta it oprjochtsjen fan de nije stichting passeard wurde en waarden de earste stappen set om it jild foar de grutte plannen byelkoar te krijen.

Foar de **harmony- en fanfare-orkesten en brassbands** waarden yn it ferslachjier de folgjende kursussen organisearre:

- kaderoplieding foar majorette-ynstruktrises: 16 dielnimmers
- oplieding foar tamboer B: 8 dielnimmers
- oplieding meloadysk slachwurk A: 8 dielnimmers (yn Frjentsjer) en 6 dielnimmers (yn Damwâld)
- oplieding meloadysk slachwurk B: 6 dielnimmers.

Yn 1991 setten fierder kursussen útein foar oplieding tamboer A, oplieding tamboer C en oplieding meloadysk slachwurk B, mei 15 dielnimmers. Dizze kursussen rinne troch yn 1992.


Op 3 april waard in play-in foar **majorettes** oant 12 jier foar 18 dielnimmers organisearre. In twadeiske trening foar majorettes fan 12 jier ôf luts op 4 en 5 april 10 dielnimmers.

De beide play-ins foar **korpsmuzikanten** op 23 febrewaris op De Gordyk en 28 septimber yn Easterwâlde lutsen resp. 87 en 45 dielnimmers.

Yn sawol de hjerst- as de krystfakânsje waarden yn Grou wer de tradisjonele **jeugdstúdzjedagen** organisearre. Meiïnoar 267 dielnimmers dienen oan dit ûnder lieding fan Piebe Bakker plakfinende barren mei.

De dagen, ornearre foar learlingen, studearjend foar of yn it besit fan it A-diploma Hafabra en learlingen dy't it diploma B, C of D Hafabra hawwe, waarden ôfsluten mei in konsert yn de Grouster Fermanje.

Op it Parkfestival te Ljouwert, op 2 febrewaris 1992, waard de **Friese Jeugdbrassband** foar it earst presintearde. Dy nije aktiviteit hat de edukaasje fan jonge brassbandspilers en de promoasje fan de brassband bûten it gewoane brassbandsirkwy ta doel. Boppedat wol de band yn it bysûnder omtinken jaan oan nije en minder faak spile wurken, it wurk fan Fryske



wilke fan de keunst



komponisten, it meiwurkjen oan workshops en oare edukative projekten en de yntegraasje mei oare keunstfoarmen.

De Friese Jeugdbrassband wie yn it ferslachjier nei de presintaasje û.o. te beharkjen op it Survento-Festival yn Surhústerfean, it jeugdfestival foar jeugdbrassbands, by de presintaasje fan de Sierd de Boer-bondel yn Drachten en op it Nasjonale Brassband Konkoers yn Zutphen. De muzykkonsulint begeliedt de Jeugdbrassband.

Itselde jildt foar it al langer besteande **Jeugdharmonie-orkest**, dat û.m. al bekend is fan syn meiwurking oan de saneamde Rabo-Musico's yn û.m. Boalsert, Drachten en Sint Anne. It Jeugdharmony-orkest hat mei dy fan de Jeugdbrassband ferlykbere doelstellingen. Ek dit orkest wie op 18 oktober yn De Lawei te hearren by de presintaasje fan de Sierd de Boer-bondel, lykas op de Iepen Teaterdei op 7 septimber.

Organisatoaryske stipe is der jûn oan it fan 13 oant en mei 16 maart plakfûne **hoarnkonkoers** dêr't dit kear 40 hoarnisten út binnen- en bûtenlân dielnommen hawwe.

Yn oparbeidzjen mei de lanlike koare-organisaasjes waard foar koardiriginten in projekt '**Koar en romantyk**' organisearre, bedoeld om diriginten ûnderfining opdwaan te litten yn it wurk mei koar en orkest. It projekt dat yn febrewaris en maart plakfûn hat en dêr't it Ensemble Arco en de Bonifatius Kantorij harren meiwurking oan jûn hawwe, hie 20 dielnimmers.

De saaklike stipe fan it **Fries Concertkoor** waard fuortset, net langer ûnder de paraplu fan it Frysk Orkest, mar no ûnder de wjukken fan de SAKO. Yn de St. Gertrudistsjerke fan Warkum waard tegearre mei it ARCO Ensemble it Dixit Dominus fan Händel opfierd en mei it Noord Nederlands Orkest waarden it Requiem fan Mozart en de Nocturnes fan Debussy opfierd. Yn de earste helte fan it jier waard arbeide oan in oergong nei it Noord Nederlands Orkest. In grut part fan it Fries Concertkoor soe as **Noord Nederlands Concertkoor** syn aktiviteiten fuortsette.

Yn it ramt fan it ynternasjonale **koarfestival** waard yn Ljouwert ek in konsert op 2 july organisearre. It Leeuwarder Kamerkoor wie dêrby de gasthear foar koaren út resp. Spanje, Tsjecho-Slowakije en Turkije.

Op 2 febrewaris waard yn It Hearrenfean in stúdzjedei foar **gospelgroepen** organisearre, dêr't de muzykkonsulint in workshop fersoarge oer de organisaasje fan aktiviteiten, it bestjoeren fan in koar en de ûnderskate finansjele kanten fan in koar. De dei luts goed 250 dielnimmers.

Yn it ferslachjier waard de Friese Jazzfederatie bestjoerlike stipe jûn. De aktiviteiten op dat mêd wurde troch de jazzklubs sels fersoarge. Spitigernôch slagge it net om ta in adekwate stipe fan it wurk fan de Stichting Friesland Pop te kommen.

3.2.3. Toaniel

Yn it ramt fan de reorganisaasje dy't ta it Frysk Keunstynstitút laat hat, is ôfpraat om de beide **toanieladviseurs** foarearst by it Fries Centrum voor het Amateurtoneel/Amateurtoanielskoalle te detasjearjen. Fan harren wurk wurdt troch it FCAA ferslach dien.

It wurk fan de op 1 july 1991 yn tsjinst kommen **dramaturch** (0,6 fte) falt ûnder de folsleine ferantwurdlikens fan it Frysk Keunstynstitút.

De dramaturch hat yn (de twadde helte fan) it ferslachjier in kursus skriuwtrening foar toanielskriuwers jûn. Oan dy trening dienen yn twa groepen 10 dielnimmers mei. De kursus

duorre tsien gearkomsten de groep.

In seistal toanielskriuwers waard duorjend begelaat en fan advys foarsjoen, te witten T. de Boer, W. Beckers, L. Leijstra, B. Mulder, B. Oldenhof en S. Sevenster.

Fierder waard in yn 1992 te begjinnen workshop skriuwen foar it bernetoaniel taret.

Foar in troch it FCAA organisearre regykursus waard it ûnderdiel dramaturgy en tekstanalyze fersoarge (6 dielnimmers, 5 jûnen).

Op twa sneonen yn novimber waard oan twa groepen dielnimmers oan de Jeugdteaterskoalle in dramaturgyles jûn.

De dramaturch waard om in dramaturgysk advys frege by toanielproduksjes fan Gj. Walstra, J. Spyksma (Fryske Toanielkoöperaasje), J. Bergsma ('Ik wit net hoe't de frou der ûnder stiet') en P. Boonstra (Artist(s)).

Foar de Fryske Toanielstifting Tryater waard de produksjedramaturgy dien foar de produksje Pirandello.

It Boun fan Fryske Toanielselskippen frege de dramaturch sjuerywurk te dwaan foar de slútjûn fan it Boun. Ek waard it troch it Presintaasjetoaniel brochte 'Moed om te deadzjen' fan Lars Norén dramaturgysk begelaat.

Yn de Drachtster Lawei waard in lêzing fersoarge oer Shakespeares 'Hamlet'.

De dramaturch naam in sit yn de redaksje fan de Fryske Toanielkrante en skreau dêrfoar û.m. in bydrage oer dramaturgy.

It skriuwerskip fan de nij ynstelde kommisje toaniel wurdt troch de dramaturch ferfold, wylst de bestjoeren fan de Stichting Stimulearring Fryske Toanielskriuwerij en it FCAA ûnderstipe wurde.

3.3. Aktiviteiten

Under it haad 'Aktiviteiten' wurde benammen dy aktiviteiten rekkene, dy't op it mêd fan de poadiumkeunsten lizze en dêr't it giet om bysûndere manifestaasjes en/of gearwurkingsprojekten tusken de ûnderskate poadiumkeunsten.

In moai foarbyld fan sa'n bysûndere aktiviteit bestiet út de fan 30 augustus oant en mei 7 septimber troch it Frysk Keunstynstitút organisearre **Wike fan de Keunst**. Dy wike wie foaral bedoeld om it wurk fan de nije organisaasje wat mear bekendheid te jaan. Alle yn it Keunstynstitút fertsjinwurdige minsken en disciplines presintearde harren yn de rin fan de wike dy't yn de Ljouwerter Kânselarij hâlden waard.

De wike sette útein mei in symposium oer 'De dûbele moraal fan keunstbedriuwen'.

De twadde septimber stie it wurk fan de Kostúmkommissje sintraal.

Op 3 septimber presintearde de toanielsektor har en de deis dêrnei gie it om de dûns.

Tongersdei 5 septimber wie der tiid foar muzyk en op 6 septimber wie der jitrissymposium, no mei as ûnderwerp de promoasje fan de (Fryske) byldzjende keunst.

Yn dizze wike wiene ek opnommen de yntroduksjedei **Keunst op Komst** yn Ljouwert op 31 augustus en de **lepen Teaterdei** op 7 septimber yn in tsiental sintra bûten Ljouwert.

Keunst op Komst wie in nij inisjatyf wêrby it Frysk Keunstynstitút help en koördinaasje bea.

De lepen Teaterdei is in al langer bestoand inisjatyf fan de kulturele sintra yn de mande mei it Frysk Keunstynstitút.

Om aktiviteiten yn Fryslân plakfine te litten is it fan it grutste belang dat der poadia binne dêr't soks plakfine kin. It skeppen fan in kader om inoar te ynformearjen en it sa mooglik koördinearjen fan inisjativen is in belangryk doel fan de **Kontaktkommisje Kulturele Sintra**. Dit oerlis bestie al binnen de Fryske Kultuerried en is kontinuëarre yn de nije setting fan it Frysk Keunstynstitút. Der is it lêste jier mear tid en omtinken oan bestege, ek al om't op inisjatyf fan

De Colle/Kollum, De Skâns/De Gordyk, Trebol/Harns en De Klink/Koudum in aparte oerlisfoarm ta stân komen is: it CSTK-oerlis.

In wichtich ynstrumint om profesjonele poadiumkeunsten oer Fryslân te sprieden wurdt foarme troch de **provinsjale subsidyjeregeling teater en muzyk**. Mei in bedrach fan *f* 190.000 wurdt jierliks besocht te befoarderjen dat der differinsjearre oanbod oan profesjonele teater en muzykútfieringen yn Fryslân ta stân komt.

De útfiering fan de regeling is oan it Frysk Keunstynstitút opdroegen. Dêrfoar funksjonearret in kommisje, besteande út in tal algemiene saakkundigen (skouboarchdirekteuren) en saakkundigen op it mêd fan jeugdteater, keunstsinnige foarming, klassike muzyk en popmuzyk. Yn in trijetal tawizingsrondes besiket de kommisje ta in sa goed mooglike ferdieling oer Fryslân te kommen. De kommisje wol it útfieringsbelied wat oanskerpje. Dêrom is der dit jier in 'portret' fan alle oanfreegjende útkeaporganisaasjes makke (rapport 'Kearndata útkeaporganisaasjes'). It giet dêrby om sa'n fyftich organisaasjes.

Fan 90 útkeaporganisaasjes binne de oanfragen honoereard. Yn totaal waard der foar sa'n 450 foarstellings en konserten subsidyje oanfrege. Oer 230 foarstellings/konserten waard negatyf besluten, oer sa'n 220 posityf. Dêrby giet it yn totaal om *f* 228.724. Hjirop kinne ferskillende yndielings en berekningen loslitten wurde. Sa gie der *f* 67.800 nei muzyk (alle genres, ynklusyf popmuzyk), *f* 18.600 nei festivals, *f* 18.200 nei dûns en beweging en *f* 36.550 nei jeugdteater. Wat de lêste kategory oangiet kin ûnderskied makke wurde yn *f* 11.175 nei kulturele sintra, *f* 5.500 nei sosjaal-kultureel wurk en *f* 19.875 nei skoallen.

In oersjoch fan it oanbod dat der op it mêd fan de poadiumkeunsten is, is foar alle organisaatoaren / útkeaporganisaasjes fan grut belang. Sa'n oersjoch funksjonearret it bêste as de útkeaporganisaasjes mei harren seizoenprogrammearring dwaande binne en dat is benammen yn de earste moannen fan it kalinderjier. Dêrom ek komt it boek '**Programmamogelijkheden**' altyd yn it begjin fan it jier út. Yn 1991 wie dat ek it gefal. Op sa'n 250 siden wurdt in breed ynsjoch jûn yn sawol it Fryske as it Hollânske oanbod oan de poadia.

Ynformaasje jaan oer programmamogelijkheden giet lykwols it hiele jier troch. Der giet gjin dei foarby of der wurde fragen op dit mêd beantwurde. Dy stipe kin gean fan it simpelwei trochjaan fan in namme en adres fan in artyst of groep oant en mei it trochpraten en op papier setten fan de hiele opset fan de te organisearjen manifestaasje. Sa waard it ôfrûne jier û.m. help bean by de organisaasje fan de jubileumfiering fan de Krite yn Apeldoarn, it Boun om Utens yn it algemien, it Fries Straatfestival te Ljouwert, de Poëzynacht yn de Prinsetún, de Iepen Teaterdei, Keunst op Komst yn Ljouwert, de Friese Maatschappij van Landbouw ta gelegenheid fan de lêste jiergearkomste en it Frjentsjer Komitee Agraryske Dagen.

Fierder waarden yn it ferslachjier tiid en enerzjy set yn de folgjende aktiviteiten:

De **Jeugdteaterdagen** dy't yn 1991 foar de sechsde kear organisearre waarden, kinne al hast ta de reguliere aktiviteiten rekkene wurde. Mei 63 foarstellings op 16 plakken en mei sa'n 9000 besitters is dit evenemint útgroeid ta ien fan de grutste op jeugdteatermêd yn Nederlân. De Jeugdteaterdagen wurde opset yn de mande mei de Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland, it Fries Service Centrum en de ûnderskate kulturele sintra.

Deselde gearwurkingsfoarm jildt ek foar in nij inisjatyf dat yn 1991 kommen is, ntl. **De Kunstbende**. Dit is in lanlik inisjatyf mei seis wedstriden op it mêd fan ûntwerpen, teater, dûns, muzyk, fideo en taal. De provinsjale foarronde wie, mei yn kwalitatyf en kwantitatyf opsicht in goede dielname, op 26 april yn Ljouwert, wylst Fryslân by de lanlike finale yn Utert ek net in min figuer sloech. It Frysk Keunstynstitút wie behelle yn de organisaasje en de ynhâldlike beoardieling fan de ynbrochte aktiviteiten.



wike fan de keunst



In oar nij inisjatyf wie de organisaasje fan in provinsjaal **Scholierentheaterfestival**, dat yn april 1992 hâlden wurde sil. De SKVF en it Posthuis op It Hearrenfean namen dêrta it inisjatyf. De skouboargen De Harmonie en De Lawei en it Frysk Keunstynstitút dogge mei yn de organisaasje.

It seit himsels dat net alle inisjativen ta kulturele aktiviteiten liede. Sa wie der oan it begjin fan it jier in plan om in rige lietsjeprogramma's yn de mande mei de omrop en de skouboargen op te setten ('**Fryslân sjongt**'). Der kaam lykwols te min stipe foar dit inisjatyf. Itselde jildt foar in plan foar in **Fryske bernefilm**. Dêr ûntbrekt it lykwols yn it foarste plak oan genôch finansjes.

De **Fryskafette**, bedoeld om oankommende en jonge talinten op kabaretmêd te helpen, waard yn 1992 fuortset. De earste Fryskafette waard yn de mande mei de kulturele sintra op 'e Gordyk, yn Dokkum en Warkum yn it seizoen 1989-1990 hâlden. De opset wie dy fan in talintejacht/kabaretkriich mei fjouwer foarrondes en in finale. It risseltaat foel ôf, dêrom waard foar Fryskafette II keazen foar in opset sûnder wedstriidelemint mar mei in oanbod oan groepen (en ienlingen) foar begelieding lykas it skriuwen fan teksten en muzykarranzjementen, it wurkjen oan beweging en presintaasje. Sadwaande hawwe der fjouwer groepen de kursusopset fan Fryskafette II folge en is dizze opset ôfsluten mei in suksesfolle mienskiplike presintaasje op 'e Gordyk, yn Dokkum en yn Warkum. De dielnimmende groepen wiene Froufolk, Twirre en Adri de Boer.

It lêste grute barren yn it **Frysk Festival** 1990 wie op 25 novimber 1990: in popkonsert fan Fryske, Frânske, Ingelske en Dútske groepen yn de Ljouwerter Harmonie. Organisatoarysk is it mei sa'n lêste evenemint lykwols noch lang net ôfrûn. It tiidrek fan ôfhanneljen fan saken en ferslachiizing, sawol ynhâldlik as finansjeel, is oanbrutsen.

It finansjeel ferslach koe, mei de goedkarring fan de akkountant, yn maart 1991 fêststeld wurde. Mei in posityf saldo fan in pear hûndert gûne op in totale eksploitaasje fan f 847.000 waard tige skerp by de wâl del syld. Lokkigernôch koe sawol ynhâldlik as finansjeel in positive balâns opmakke wurde.

De ynhâldlike kant fan it Frysk Festival kaam oan de oarder yn in evaluaasjeferslach fan de ôfdieling ûndersyk fan de provinsje. Dit rapport kaam ta stân middels argyfûndersyk en fraachpetearen mei in tolvetal kaaifigueren yn de keuntesektor yn Fryslân.

De konklúzje is dat it Frysk Festival in dúdlike mearwearde hat en yn de takomst fuortset wurde moat. It Frysk Festival biedt in referinsjeramt foar it kulturele libben. It hat in wichtige funksje as it giet om it mooglik meitsjen fan grutskalige en profesjonele inisjativen. Dizze konklúzjes waarden yn de gearkomste fan de Steatekommisje foar wolwêzenssaken op 13 novimber 1991 ek yn grutte mearderheid ûnderskreaun. It Frysk Festival kin dêrom yn de takomst foarút. Yn in tal gearkomsten mei it bestjoer en in takomstige artistike kommisje binne linen nei de takomst útsetten. Underwylst wurdt ek besocht rinnende saken fierder te bringen en út te bouwen, bygelyks in sênyске útfiering fan de opera 'Rixt'.

In hiel oarssoartige aktiviteit yn it ferslachjier wie wol it yn opdracht fan it gemeentebestjoer fan Weststellingwerf meitsjen fan in **gemeentlike kultuernota**. De opdracht wie al yn 1990 jûn en koe yn it ferslachjier troch it Frysk Keunstynstitút útfierd wurde. Ein febrewaris waard mei it wurk oan de nota útein set, dy't yn oktober klear kaam.

Yn de mande mei de Fryske Akademy waard, lykas de Fryske Kultuerried dat earder die, wer in jierlikse **lêzingerige** foar leden fan frouljusorganisaasjes organisearde. Meielkoar 941 froulju namen diel oan de lêzingerige dy't op 29 oktober útein sette en by te wenjen wie yn Drachten, It Hearrenfean, Ljouwert en Snits.

De folgjende ûnderwerpen waarden oer it fuotljocht brocht:

- Slachtofferhulp en daderschap: Mr. K. Bunk
- Erfelijke en aangeboren afwijkingen: Dr. J.M. Cobben

- Moderne armoede: Dr. G.B.M. Engbersen
- Geloof en Kerk in de hedendaagse maatschappij: Prof. Dr. W. Goddijn
- De takomst fan de sosjale wetjouwing: L. de Graaf
- Een vierdaagse werkweek?: M. Hommes
- De situatie in het Midden-Oosten: H.J. Neuman en
- Ferbân tusken skoalgrutte en kwaliteit fan skoallen: J. Wagenmakers.

Ek foar allinne froulju wie de ynlieding bedoeld dy't de direkteur op 27 septimber foar de hantwurkkommisje fan it Bûn fan Plattelânsfroulju hâlde mocht. Underwerp fan dy lêzing wie de fraach, wat ûnder Fryske kultuer te ferstean, fan belang om't hûnderten froulju mei dat ûnderwerp oan'e slach soenen yn it jierlikse hantwurkprojekt fan it Bûn.

Foar studinten fan de Hogeschool Holland waard in ynlieding hâlden oer de Fryske kultuerpolityk en de organisaasje dêrfan.

Op fersyk fan de Fryske Akademy waard troch inkelde meiwurkers in bydrage skreaun foar in oer Fryslân te ferskinen tydskrift, ornearre foar de Hongaarske minderheid yn Roemenië.

De **Kostúmkommissje fan Fryslân** hat yn it ferlachjier gjin kursussen jûn. Dêr foaroe hat it noch nea sa drok west mei fersiken ta it fersoargjen fan lêzings en kostúmshows. Sa waarden û.m. shows fersoarge op Epema State yn Ysbrechtum, Lauswolt yn Beetstersweach en yn it Fries Museum te Ljouwert.

Yn de Wike fan de Keunst fersoarge de kommissje in slagge presintaasje fan wurk en besit. Op freed 25 oktober waard de jierlikse foarljochtingsmiddei organisearre. Mefrou Mr. E. van Haersma Buma-Van Werkum hat dêr in lêzing oer Frysk en Haachsk sulver hâlden. Ek koenen dêr de sertifikaten foar de goedkarde poppen en kostúms útrikt wurde. De keuring sels fûn pleats op moandei 23 septimber.

Foar de Burgumer Skotsploech waard in histoarysk ferantwurde beskriuwing fan de kostúms makke.

Fierder wie der wer in libbene fraach nei patroanen, materiaal en it Kostúmboek. It is it doel om fan it lêste in nije ferzy te meitsjen.

3.4. Dokumintaasje

Der is wer in grut berop dien op de dokumintaasje fan it Frysk Keunstynstitút. Dêrby giet it net allinne om it ûnder it haad byldzjende keunsten al oanjûne gebrûk fan de byliddokumintaasje byldzjende keunstners of de útfiering fan de ASK-regeling, mar ek om it beânderjen fan fragen om adressen fan keunstners, muzykferienings, fûnsen ensfh.

It byhâlden fan de dokumintaasje freget mear tiid as winliken foar hannen is, dochs waard der besluten om nei foarbyld fan de byldzjende keunstdokumintaasje in begjin te meitsjen mei de opset fan in dokumintaasje poadiumkeunsten.

De bibleteek fan de eardere Fryske Kultuerried waard begjin 1991 reorganisearre en oanpast oan de nije doelen fan it Frysk Keunstynstitút.

It tydskriftebestân fan it Frysk Keunstynstitút waard mei it each op in bettere berikberens foar meiwurk(st)ers en besiters nij ynrochte en presintearde.

3.5. Stipe

It Buro Sintrale Stipe fan it Frysk Keunstynstitút fersoarge de personiels-, lean- en finansjele administraasje.

De folgjende organisaasjes makken yn 1991 gebrûk fan de administrative en organisatoaryske tsjinstferliening:

- De Federatie van Friese Muziekscholen: siktariaatswurk, mei it tarieden en it ferslach meitsjen fan de gearkomsten dêrby ynbegrepen, it meitsjen fan it finansjeel jierferslach.
- It Fries Centrum voor het Amateurtoneel/Amateurtoanielskoalle: skriuwerskip en finansjele administraasje.
- De Stichting Dûns: skriuwerskip en finansjele administraasje.
- De Stifting Taal en Kultuer: skriuwerskip en finansjele administraasje.
- It Skriuwersbûn: finansjele en lede-administraasje en de útjefte fan 'De Oesdrip'.
- De Stichting Fries Film Circuit: finansjele en lede-administraasje.
- It Frysk Folksdûnssintrum: skriuwerskip en finansjele administraasje.
- De Fryske Rie: skriuwerskip en finansjele administraasje.
- De Stichting Frysk Toaniel Ferbân: lean-, persoaniels- en finansjele administraasje.
- De Stichting Frysk Lânboumuseum: personiels-, finansjele en leanadministraasje.
- De Stichting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaesjesintrum: finansjele en leanadministraasje.
- De Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland: personiels-, finansjele en leanadministraasje.
- De Stichting Hothouse Redbad: finansjele en leanadministraasje.
- De Stichting Samenwerkingsverband Muziekorganisaties Friesland: skriuwerskip, kursusorganisaasje en finansjele organisaasje.
- De Stichting Samenwerkingsverband Korenorganisaties Friesland: skriuwerskip, kursusorganisaasje en finansjele administraasje.
- De Stichting Monument van de Maand: skriuwerskipswurk, personiels-, finansjele en leanadministraasje.
- De Stichting Frysk Festival: finansjele administraasje.
- De Stichting Fries Natuurmuseum: personiels- en leanadministraasje.
- De Stichting Westerkerk: personiels- en leanadministraasje.
- De Stichting Fries Straatfestival: personiels- en leanadministraasje.
- De Stichting Stimulearring Fryske Toanielskriuwerij: finansjele administraasje.
- De Stichting Friesland Pop: finansjele administraasje.

Foar de útlie fan foar treden beskikbere apparatuer waarden yn it ferslachjier de folgjende sifers notearde:

	tal útlieings	tal dagen
fideo-apparatuer	2	2
toanielferljochting c.a.	169	356
filmprojektor	2	2
overheadprojektor	5	15
lûdsapparatuer	5	9
dia-apparatuer	6	15
ferskaat	10	22



wike fan de keunst



Yn 1991 waarden meielkoar 208 **parseberjochten** ferstjoerd. Njoggenentweintich gienen oer de eigen aktiviteiten, de oare waarden op fersyk fan ûnderskate kulturele organisaasjes ferstjoerd.

Njonken de skreaune media en Omrop Fryslân waarden yn it ferslachjier de yn Fryslân arbeidzjende lokale omroppen op de ferstjoerderslist set.

3.6. *Ferskaat*

Oant 1 maaie 1991 hat de eardere meiwurkster fan de Fryske Kultuerried foar it **foarmingswurk** noch yn tsjinst fan it Frysk Keunstynstitút west. Har oergong nei in oare wurkjouwer makke it net langer nedich te sykjen nei in organisatoaryske oplossing foar de funksje dy't ynhâldlik net binnen it Frysk Keunstynstitút paste.

It Frysk Keunstynstitút brocht yn de earste helte fan it jier as produkt fan it wurk op dit mêd de edukative kaart fan Fryslân út: in dokumintêr oersjoch fan alle organisaasjes en funksjes yn Fryslân op it mêd fan it edukatyf wurk foar folwoeksenen.

Mei de COVE te Drachten waarden ôfspraken makke oer it fuortsetten en byhâlden fan de edukative kaart.

De meiwurksters foar it **emansipatoarysk-edukatyf wurk foar froulju** wienen it hiele jier noch yn tsjinst fan it Frysk Keunstynstitút. Harren foarnommen oergong nei de Stichting Emancipatiebureau Friesland is ôfhinklik fan it ta stân kommen fan dy nije organisaasje.

De ferantwurdlikens fan it Frysk Keunstynstitút foar it emansipatoarysk-edukatyf wurk foar froulju beheinde har ta de personele kant en de oergong nei de nije organisaasje. De lêste is begjin 1992 te ferwachtsjen.

It Frysk Keunstynstitút stelt him tige weromhâldend op as it om it dragen fan bestjoerlike ferantwurdlikens by oare organisaasjes giet. Dochs waarden by sân organisaasjes **bestjoerssitten** beset.

Dêrby gie it om it ferfoljen fan bestjoerslidmaatskip by de Nederlânske Kommisje fan it Europees Buro foar Lytse Talen, de Stichting Frysk Festival, de Stichting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaesjesintrum, de Stichting Fryske Rie, it Fûns Universitêre Fêstiging Fryslân, de Stichting Omrop Fryslân en de Stifting Taal en Kultuer.

De lêste organisaasje, rjochte op it realisearjen fan Fryske televyzje yn Nederlân, waard oan de ein fan it ferslachjier opdoekt.

Foar it Frysk Festival en de Fryske Rie ferfolje de Keunstynstitútfertsjinwurdigers it skriuwerskip en dat betsjut yn beide gefallen dat feitlik it wurk troch it Frysk Keunstynstitút bart. Fan dat wurk wurdt yn de jierferslaggen fan dy organisaasjes ferslach dien.

It Frysk Keunstynstitút nimt diel oan it wurk fan de stichting LOPIK, it Landelijk Overleg van Provinciale Instellingen op het terrein van de Kunsten. Dy organisaasje realisearret in lanlik oerlis foar û.m. de konsulinten op it mêd fan de byldzjende keunsten en de muzyk.

Dêrnjonken wurde der regelmjittich kontakten ûnderhâlden mei it LCA, it Landelijk Centrum voor de Amateurdans, en de VKV, de Vereniging voor de Kunstzinnige Vorming.


Foar it lidmaatskip fan de Raad voor de Kunst waard, yn de mande mei it Skriuwersboun, in foardracht dien dy't yn ien gefal resultaat hie.

Op fersyk fan de Kommissaris fan de Keninginne waard in foardracht dien yn it ramt fan de yn ferbân mei Keninginnedei 1992 út te rikken keninklike ûnderskiedings.


Al yn de tarieding op it nije Ynstitút wie Theo de Witte, foarmjouwer te Ljouwert, opdracht jûn in nije hússtyl foar de organisaasje te meitsjen. Dy waard op 1 jannewaris ynfierd.

Om it wurk fan it Frysk Keunstynstitút bekend te meitsjen waard yn it ramt fan de Wike fan de Keunst in grutskalige mailing dien nei alle kulturele adressen yn Fryslân. Fierders waard der 29 kear in parseberjocht oer aktiviteiten fan it Frysk Keunstynstitút ferstjoerd en wie der omtinken foar it Frysk Keunstynstitút yn de provinsjale media en û.m. it moanneblêd Friesland Post.

Oan de ein fan it jier waard jitrisk yn in grutte oplage in nijjierswinsk ferstjoerd mei dêrop teffens ynformaasje oer doelstellings en foarmimmens fan it Frysk Keunstynstitút.



wike fan de keunst



Bijlagen

Finansjeel oersjoch

Parseberjochten

Finansjeel oersjoch 1991

Balâns 31 desimber 1990 en 1991

Eksploitaasjerekken 1991

BALANS OP 31 DESIMBER 1990 EN 1991

	Frysk Keunst- ynstitút	Frysk Toaniel- ferbân	St. Dûns	Totaal 1991	Totaal 1990
	<i>f</i>	<i>f</i>	<i>f</i>	<i>f</i>	<i>f</i>
AKTIVA					
Ynventaris	87.169,94	0,00	0,00	87.169,94	66.116,54
Dielnimmings	100,00	0,00	0,00	100,00	100,00
Kas	2.113,30	0,00	0,00	2.113,30	515,65
Banken	85.441,12	3.622,09	-/ 486,22	88.576,99	96.012,79
Postbank	10.636,81	0,00	892,08	11.528,89	13.242,46
Subsydzje Ryk	91.903,37	0,00	0,00	91.903,37	91.903,37
Subsydzje Provinsje	1.783.000,66	0,00	0,00	1.783.000,66	1.273.974,05
Foarútbetelle kosten	6.963,00	408,65	0,00	7.371,65	3.659,05
Debiteuren	9.744,45	4.467,10	280,00	14.491,55	51.581,11
Transitoaryske posten	16.915,11	0,00	0,00	16.915,11	6.477,85
Rinnende rekken m. FTF	16.992,69	-/ 16.992,69	0,00	0,00	0,00
Rinnende rekken m. St. Dûns	-/ 14.268,44	0,00	14.268,44	0,00	0,00
Leanheffing/sosj.lesten	<u>502,84</u>	<u>26.368,13</u>	<u>2.588,55</u>	<u>29.459,52</u>	<u>12.614,26</u>
	<u>2.097.214,85</u>	<u>17.873,28</u>	<u>17.542,85</u>	<u>2.132.630,98</u>	<u>1.616.197,13</u>
PASSIVA					
Lieningen	28.335,50	0,00	0,00	28.335,50	28.335,50
Subsydzje Ryk	134.134,88	0,00	0,00	134.134,88	95.465,00
Subsydzje Provinsje	1.605.161,38	0,00	0,00	1.605.161,38	1.199.660,88
Krediteuren	160.617,22	17.424,96	0,00	178.042,18	103.036,74
Te beteljen kosten	22.324,36	84,24	0,00	22.408,60	19.842,13
Transitoaryske posten	32.256,80	0,00	11.717,85	43.974,65	13.459,21
Leanheffing/preemje					
sosj. foarsjennings	31.507,44	0,00	5.364,00	36.871,44	25.973,00
Pensioenpreemje	7.053,83	364,08	0,00	9.618,03	0,00
Te beteljen BTW	0,00	0,00	461,00	461,00	0,00
Reserves/foarsjennings	59.439,31	0,00	0,00	59.439,31	114.040,54
Eksploitaasjesaldi	<u>16.384,13</u>	<u>0,00</u>	<u>0,00</u>	<u>16.384,13</u>	<u>16.384,13</u>
	<u>2.097.214,85</u>	<u>17.873,28</u>	<u>17.542,85</u>	<u>2.132.630,98</u>	<u>1.616.197,13</u>

EXPLOITAASJE-OERSJUCH 1991

UTJEFTEN


	Algemiën	F.T.F.	Emansipa- toarysk wurk	Pleatslik foarm. wurk	Resepsjo- niste	Fryske saken	Totaal- generaal
	f	f	f	f	f	f	f
Personielskosten							
Leanen	881.248,47	71.677,64	80.858,39	13.487,50	1.540,08	8.924,88	1.057.736,96
Sosjale lêsten	30.455,36	6.740,80	4.164,91	652,33	83,53	191,02	42.287,95
Pensjoenpreemje	37.695,89	3.114,72	3.502,69	599,21	119,09	500,89	45.532,49
Oerhevelingslasiach	87.755,10	7.272,33	8.290,20	1.386,52	165,91	926,36	105.796,42
Preemie IZR	12.961,29	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	12.961,29
Ynhâlding aminers	-/ 38.510,56	0,00	-/ 4.150,03	669,95	-/ 33,26	-/ 322,66	-/ 43.686,46
Bysûndere personielskosten	3.800,00	0,00	4.815,00	0,00	0,00	0,00	8.615,00
Wervingskosten	17.572,67	0,00	1.112,31	0,00	0,00	0,00	18.684,98
	<u>1.032.978,22</u>	<u>88.805,49</u>	<u>98.593,47</u>	<u>15.455,61</u>	<u>1.875,35</u>	<u>10.220,49</u>	<u>1.247.928,63</u>
Totaal kosteferdielsteat	392.171,38	0,00	18.800,83	3.760,17	0,00	0,00	414.732,38

Speisifikaasje kosten aktiviteiten

Publikaasjes	10.000,00	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	10.000,00
Hier opslachromte TD	3.315,00	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	3.315,00
Administraasjekosten	0,00	0,00	1.250,00	250,00	0,00	0,00	1.500,00
Underhâld yventaris/apparatuër	19.236,20	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	19.236,20
Utstallings	26.698,78	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	26.698,78
Kadertraining	0,00	0,00	31.405,62	0,00	0,00	0,00	31.405,62
Toaniel	35.288,31	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	35.288,31
Dûns	48.231,68	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	48.231,68
Muzyk	35.979,88	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	35.979,88
Ferskaat	40.428,37	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	40.428,37
	<u>219.178,22</u>	<u>0,00</u>	<u>32.655,62</u>	<u>250,00</u>	<u>0,00</u>	<u>0,00</u>	<u>252.083,84</u>
Totaal-generaal:	1.644.327,82	88.805,49	150.049,92	19.465,78	1.875,35	10.220,49	1.914.744,85

YNKOMSTEN

Ynkkomsten út aktiviteiten							
Tsjinstferliening fêst	75.352,00	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	75.352,00
Oare tsjinstferliening	19.983,37	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	19.983,37
Materiaalfierhier	21.599,95	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	21.599,95
	<u>116.935,32</u>	<u>0,00</u>	<u>0,00</u>	<u>0,00</u>	<u>0,00</u>	<u>0,00</u>	<u>116.935,32</u>
Oare ynkkomsten							
Subsydzje Provinsje	1.514.458,98	88.805,49	150.049,92	19.465,78	0,00	10.220,49	1.783.000,66
Subsydzje gemeenten	820,00	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	820,00
Rinte	4.663,74	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	4.663,74
Bydragen part.ynstellingen	2.772,50	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	2.772,50
Publikaasjes	3.778,86	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	3.778,86
Oare ynkkomsten	898,42	0,00	0,00	0,00	0,00	0,00	898,42
	<u>1.527.392,50</u>	<u>88.805,49</u>	<u>150.049,92</u>	<u>19.465,78</u>	<u>1.875,35</u>	<u>10.220,49</u>	<u>1.797.809,53</u>
Totaal-generaal:	1.644.327,82	88.805,49	150.049,92	19.465,78	1.875,35	10.220,49	1.914.744,85




wike fan de keunst



Parseberjochten

Remco Heite
voorzitter Frysk
Keunstynstitút

LC 02021991
LEEWARDEN - Het bestuur van het Frysk Keunstynstitút, opvolger van de Fryske Kultuerried, is samengesteld uit vijf leden. Voorzitter is drs. Remco Heite uit Wolvega, burgemeester van Weststellingwerf, secretaris Elly Dijksterhuis-de Haan uit Workum, rector van de Rijksschoolengemeenschap in Sneek, penningmeester mr. Richard de Casseres uit Leeuwarden, advocaat, waarnemend voorzitter Klaas Wielinga, voormalig programmaleider van Radio Fryslân. De Leeuwarder wethouder Dirk Heere is het enige bestuurslid zonder speciale functie. Het Keunstynstitút heeft begin dit jaar een groot deel van de taken van de Fryske Kultuerried overgenomen. Alleen de advisering aan de provincie is overgegaan in handen van drie speciaal voor dat doel in het leven geroepen commissies voor podiumkunst, literatuur en beeldende kunst.



De gebouwen aan de Arendstuin, van links naar rechts de voormalige manege, de marechausseekazerne, de voormalige Arendstuinschool en de pa die in gebruik zijn bij de gemeentelijke dienst cultuur, sport en recreatie: straks één cultureel complex? Foto LC/Willem d

Arendstuin mogelijk een groot cultureel complex

LEEUWARDEN - De gemeente onderzoekt de mogelijkheid om van de Arendstuin in Leeuwarden een groot cultureel complex te maken. Het nieuwe centrum zou, als het financieel haalbaar is, vier bestaande gebouwen omvatten: de oude manege, de marechausseekazerne, de Arendstuinschool en de gebouwen van de Dienst Cultuur, Sport en Recreatie. De gebouwen zouden onderdak moeten bieden aan toneelgezelschap Tryater, het Frysk Keunstynstitút (de opvolger van de Fryske Kultuerried), de Danswerkplaats en een aantal kunstenaars dat nu reeds een atelier in de Arendstuinsschool huurt.

Eerder was de oude manege al genoemd als tijdelijke theatervoorziening tijdens de afbraak en de bouw van De Harmonie. Een klein onderzoek wees uit, dat zelfs als men zich zou beperken tot de allernoodzakelijkste aanpassingen, de kosten voor dat ene seizoen veel te hoog zouden worden. Een verbouwing kan alleen uit als het gebouw na ingebruikneming van de nieuwe Harmonie een culturele functie houdt.

In een brief aan het gemeentebestuur heeft Tryater zijn bezorgdheid uitgesproken over de eigen positie in het komende Harmonieelooze seizoen. Bij het Friese beroepsgezelschap vreest men, dat

het podium in de Westerkerk straks niet groot genoeg is voor alle Tryaterproducties. Bovendien is het, nog maar de vraag of de Westerkerk op tijd klaar is voor de eerste stukken van Tryater.

Tryater broedt samen met De Harmonie op een plan voor de oude manege. Volgens dat plan zou De Harmonie volgend jaar enkele tientallen voorstellingen van Tryater in die manege moeten organiseren. Na het gereedkomen van de nieuwe Harmonie zou Tryater, dat nu nog altijd gevestigd is op industrieterrein De Hemrik, permanent zijn intrek in de manege kunnen nemen. Zakelijk leider Gatse Boschma beves-

tigde gisteren, dat Tryater „in principe positief staat” tegenover een verhuizing van De Hemrik naar de Arendstuin.


Wethouder drs. Ernst Janssen benadrukt, dat de plannen nog in een erg vroeg stadium verkeren. „Veel hangt af van de onderhoudstoestand van de manege. Daarover bereiken mij zeer tegenstrijdige berichten.” Op het ogenblik is de manege in gebruik als opslagplaats voor de brandweershulpverleningsdienst. Ook als het cultuurplan niet doorgaat, zal er toch geld op tafel moeten komen voor het achterstallig onderhoud. De manege staat op de monumentenlijst.

De marechausseekazerne en de beide gebouwen van de dienst cultuur, sport en recreatie komen binnenkort leeg, de Arendstuinschool is al in gebruik door de Danswerkplaats, dansgroep Fel Pastel en een aantal kunstenaars. Een werkgroep met vertegenwoordigers van de gemeente en van de verschillende belanghebbenden moet de mogelijkheden van het Arendstuincomplex verder onderzoeken.

LC

14.02.1991

KUNSTWEEK ALS VOORPROEFJE VAN NIEUWE CULTURELE SEIZOEN



*In de kunstweek treedt
ook de dansgroep
'Grietine Dûns en Tea-
ter' op.*

Voor kunst- en cultuurminnend publiek is de maand september een bijzondere maand, immers het seizoen van o.a. theater-, dans- en muziekevenementen barst weer in alle hevigheid los. Men presenteert zich met gloednieuwe voorstellingen, waar maandenlang op is gewerkt en kunstenaar en publiek zien met spanning uit naar het resultaat. De Friese kunstenaars presenteren zich dit jaar voor het eerst met een 'Kunstweek', een initiatief van het nieuwe Frysk Keunstynstitút, dat met een scala aan activiteiten acte de presence geeft.

Het Frysk Keunstynstituut bestaat sinds 1 januari van dit jaar. Het is de opvolger van de Fryske Kultuerried, die maar liefst 45 jaar heeft bestaan. Steun en dienstverlening aan het culturele veld staan bij het Frysk Keunstynstituut centraal. De adviesfunctie is in de nieuwe opzet vervallen. De provincie heeft zelf een drietal adviescommissies op het gebied van de beeldende kunst, podiumkunsten en de letteren in het leven geroepen voor de verdeling van subsidies. De steunfunctie letteren is overgegaan naar het Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaesjesintrum (FLMD) en de steunfunctie film bij het Fries Film Circuit, maar voor de terreinen drama, muziek, dans en beeldende kunst vervult het Frysk Keunstynstituut een belangrijke taak als het gaat om deskundigheidsbevordering, organisatorische en administratieve hulp.

Kunstweek

'De afgelopen jaren hebben wij steeds in samenwerking en overleg met de culturele centra in Friesland een Open Theaterdag georganiseerd, met het doel de programma's van het nieuwe seizoen onder de aandacht van het publiek te brengen,' aldus Jaap Castelein, adjunct-directeur van het Frysk Keunstynstituut. Dit seizoen is het op 7 september Open Theaterdag in het Posthuis Theater te Heerenveen, Amicitia in Sneek, De Colle in Kollum, De Skâns in Gorredijk, De klameare in Workum, de Treemter in Balk, de Schalmey in Hurdegaryp, De Klink in Koudum en Ons gebouwen in Bolsward. Er



Jaap Castelein: 'Het Frysk Keunstynstituut wil met de Kunstweek zijn nieuwe gezicht tonen.'

satoren. Jaap Castelein: 'Het is weliswaar geen Amsterdamse Uitmarkt, die op 31 augustus en 7 september georganiseerd wordt, maar de bedoelingen zijn hetzelfde: het publiek op smaak brengen van wat er op kunstgebied allemaal staat te gebeuren.'

Presentatie Frysk Keunstynstituut

Als extra activiteit aan het begin van het nieuwe seizoen organiseert het Frysk Keunstynstituut van 2 t/m 6 september een programma waarbij telkens op een andere dag verschillende kunstdisciplines aan bod komen, zoals toneel, dans, muziek en beeldende kunst. Al deze activiteiten vinden plaats in De Kanselarij te Leeuwarden. Het kantoor van het Frysk Keunstynstituut is momenteel nog gevestigd in de Grote Kerkstraat, maar er zijn plannen om met Tryater en andere culturele instellingen in de toekomst een nieuwe, gezamenlijke huisvesting te betrekken.

Jaap Castelein: 'Het Frysk Keunstynstituut wil met de Kunstweek zijn nieuwe gezicht naar buiten tonen. Het Frysk Keunstynstituut is ontstaan uit een samenvoeging van de Fryske Kultuerried, het

Frysk Toaniel Ferbân en de Stichting Dûns. Het doel van ons instituut is steunverlening aan de kunsten in Friesland. Die steun kan bestaan uit deskundige begeleiding, het opzetten van cursussen en workshops, maar ook bemiddeling, organisatorische steun, documentatie, administratie, boekhouding, en het verhuren van apparatuur. In de week van 2-6 september willen wij door middel van optredens, workshops, lezingen en tentoonstellingen laten zien waar wij mee bezig zijn. De toneeladviseurs Hilde Mulder en Wouter Daane verzorgen workshops op het gebied van toneel. Dansconsulente Femmy Andringa maakt een middag- en avondprogramma. 's Middags komt het Folkloristisch Danstheater met een programma voor de jeugd - van Afrikaans tot hiphop - en 's avonds zijn er een speciale voorstelling van Grietine Dûns en Teater en lezingen over moderne dans en folklore. Muziekconsulent Jacob Lamminga stelt een programma samen met koormuziek, hout- en koperblazers.'

Documentatieboek

De beeldende kunst heeft ook in de nieuwe situatie van het Frysk Keunstyn-


Frysk Keunstynstituut geeft acte de présence

komen die dag korte optredens uit nieuwe programma's van Inez Timmer, Tryater, Rients Gratama, Douwe Heeringa, Bennie Huisman, Grietine Dûns en Teater, maar ook kopergroep De Styl, de jiddische muziekgroep Di Gojim, Doede Bleeker, de Jeugdbrassband en plaatselijke toneel- en muziekverenigingen. In Leeuwarden begint de kunstpromotie voor het nieuwe seizoen 1991-1992 al een week eerder met een dag 'Kunst op komst' op 31 augustus. Er komen, net zoals op 7 september, korte presentaties op het Waagplein, het Fries Museum, Princessehof en het FLMD en in de studio van Omrop Fryslân. Omrop Fryslân is de hele dag in de lucht met impressies en vraaggesprekken met artiesten en organi-

Foto's:
Johan Witteveen



BriiService
Oosterdijk 1 Sneek telefoon 05150-15292



Huub Mous: 'Een van de initiatieven waar wij mee bezig zijn is een nieuw tijdschrift voor beeldende kunst en bouwkunst.'

stitút de volle aandacht. Het gaat om opdrachtbemiddeling, het opzetten van tentoonstellingen, met name educatieve, documentatie, maar ook het begeleiden en opzetten van nieuwe initiatieven. Huub Mous, consulent beeldende kunst en bouwkunst: 'Op 6 september verschijnt het nieuwe documentatieboek 'Beeldende kunstenaars in Friesland.' Dit boek vervangt de laatste ringbanduitgave uit 1984, met informatie over leven en werk van alle beroepskunstenaars in Friesland. Het boek dat bij de Friese Pers verschijnt, is een volledig nieuwe en actuele inventarisatie van beeldende kunstenaars in Friesland, 280 in getal. Voor iedereen die geïnteresseerd is in beeldende kunst in Friesland en dan denk ik vooral ook aan organisatoren van tentoonstellingen, instanties of bedrijven die opdrachten willen verschaffen, abonnees van de Kunstuitleen en dergelijke, is dit een onmisbare handleiding. De oplage

bestaat voorlopig uit 600 exemplaren.' Hoe staat het ervoor met de beeldende kunst in Friesland? Huub Mous: 'Er is een grote belangstelling en er is ook van alles gaande, maar de marktsituatie is verre van ideaal. In de jaren '70 is er een enorme groei geweest. Aan goede initiatieven heeft het eigenlijk nooit ontbroken. Een Museum voor Moderne Kunsten kan een positieve uitstraling op het geheel hebben. Eén van de initiatieven waar wij mee bezig zijn is een nieuw tijdschrift voor beeldende kunst en bouwkunst.'

Veel belangstelling

Jaap Castelein: 'Het feit dat er misschien in Friesland minder beeldende kunst wordt verkocht dan in andere regio's betekent niet, dat er in deze provincie in het algemeen weinig belangstelling is voor kunst en cultuur. Integendeel, het afgelo-

pen seizoen heeft weer laten zien dat het publiek in beweging is te krijgen en dat er hier veel mogelijk is. Neem de bijzondere produkties in het kader van het Frysk Festival, zoals Dúnspaleis Jericho in Workum en de musical Mata Hari, maar ook het jubileum van Tryater, Oerol, Middelsee Jazztreffen, Fries Straatfestival, Nacht van het Verdriet, teveel om op te noemen. Er is grote belangstelling voor zowel het genieten van professionele voorstellingen als de amateuristische kunstbeoefening. De Kunstweek wordt een mengeling van beide elementen. Het belangrijkste is evenwel dat het publiek geïnformeerd is en van daaruit een keuze kan maken.'

BAUKJE WYTSMA

Wike foar de Keunst Frysk Keunstynstitút

LJOUWERT - Mei in saneamde 'Wike foar de Keunst', dy't fan 30 augustus oant en mei 7 septimber hâlden wurdt, wol it Frysk Keunstynstitút syn aktiviteiten by in breed publyk bekend meitsje. It Frysk Keunstynstitút is de sintrale stipe-organisaasje foar de keunst yn Fryslân en is ûntstien nei in reorganisaasje fan it wurk fan de Frysk Kultuerried, Frysk Toanielferbân en Stichting Dûns. It nije ynstitút is aktyf op it brêde mêd fan de keunst, yn it bysûnder as it giet om de organisaasje fan alderhanne kulturele aktiviteiten, de byldzjende keunsten, de dûns, de muzyk, it toaniel en it Frysk kostum.

De 'Wike foar de Keunst' wurdt op freeddeij 30 augustus yn de Kânselarij iepene mei in symposium oer 'de dubbele moraal van het kunstbedrijven'. Utgangspunt is in útspraak fan prof. Bram de Swaan, dy't it hân hat oer de dubbele moraal fan de kultuurspriding: "De goede smaak in kunst, literatuur en amusement is sociaal gevormd, in het gezinmilieu en op school, en dat feit moet geloochend worden."

De dûbelmoraal kin ek op it kultureeltoerisme slaan, wêrby't keunst in rol spylje moat yn de musealisearring fan de 'leefomgeving' en

de 'drive-in'-kultuer fan de automobilist. "Kunst wordt gedegeerd tot een openstapeling van curiosa met een tweeledig doel: culturele verstrooiing en economisch winstbejag", sa is de tekst fan ien fan 'e provocearjende stellingen foar it symposium. In oarenien is dat de keunst yn Fryslân op twa gedachten hinkt: de iene gedachte is it sykjen en behâlden fan identiteit, mei as resultaat in miniatuer fan de grutte wrâld: in Frysk film, n Fryske opera en in Frysk museum foar moderne keunst. Oan de oare kant is der it idee fan Fryslân dat kultureel opstjitten wurde moat yn 'e vaardder volkeren': de manifestasje '11 Steden/11 Landen' yn de Frieslandhal en in keunstwurk fan Luc Deleu op 'e seedyk.

De fjouwer ynliders dy't oer dit tema mei mekoar en mei it publyk diskussiearje silje, binne Ton Entius, foarhinne direkteur fan it oerlis gewestlike kultuer, Pyt Hemminga, direkteur fan it Frysk Keunstynstitút, Peter te Nuyl, artistyk lieder fan Tryater en Rik Vos, direkteur fan it Fries Museum.

Op sneon 31 augustus wurdt yn Ljouwert op fiif ferskillende plakken it begjin fan it nije kulturele seizoen fierd ûnder it motto 'Kunst op Komst'. Dy fiif plakken binne Waagplein, Princessehof, Frysk Letterkundich Museum en Omrop

Fryslân, dy't de hiele dei yn 'e loft wêze sil.

Fan 2 oant en mei 5 septimber is der alle dagen wat te rêden yn 'e Kânselarij: moandei 2 septimber presintearret de Kostúm-kommisje har, de tiisdei stiet yn it teken fan toaniel en kabaret, de woansdeis fan de dûns en de tongersdeis fan de muzyk. De freeddeis stiet de moasje fan byldzjende keunst sin-

traal yn in foarum. Hokker problemen komme Fryske keunstners tsjin dy't har in plak feroverje wol? It yn it lannelik sirkwie? Foar dit foarum binne fiif sprekkers útneoege, sawol út it lannelike as Fryske sirkwie.

It slot fan de Wike foar de Keunst falt sneon 7 septimber gear mei de Iepen Teaterdei yn tsien Fryske plakken.

Nije dramaturch beneamd

LJOUWERT - It Frysk Keunstynstitút, it nije gearwurkingsferbân fan de eardere Fryske Kultuerried, it Frysk Toanielferbân en de Stichting Dûns, hat as dramaturch beneamd drs. Hans Brans. It Frysk toaniel, ynklusyf Tryater, kin in berop op him dwaan.

De 40-jierrige Brans komt fan Nijmegen en studearre filosofy oan de Universiteit fan Amsterdam. Nei it kandidaatseksamen hat er de frije stúdzjerjochting folge, in kombinaasje fan filosofy en teaterwetenskyp. Syn doktoraalskripsje hie as ûnderwerp de trageedje-opfetting yn de filosofy fan Hegel. Fan 1979 oant 1989 hie Brans in dieltidbaan as dosint dramaturgy oan de Amsterdamse teaterskoalle. Hy hat fierder kursussen jûn, ûnder oare in kursus tekstanalyse foar it Zeeuws Centrum voor het Amateurtoneel.

Op tiisdei 3 septimber sil hy yn de Kânselarij te Ljouwert in workshop toanielskriuwen jaan. Ien fan de teksten dy't de workshop opsmyt, sil fuortdalks útfierd wurde, regissearre troch toanieladviseur Wouter Daane.

Bjans sil deselde jûns ek op 'e tekst oer de Noarske toanielskriuwer Lars Norén. De oanlieding is dy syn stik 'Moed om te deadzjen', dat útkeazen is foar it presintaasjeoaniel fan it Boun Fryske Toanielskippen en dêr't dêrnei ûnder lieding fan regisseur-toanieladviseur Hilde Mulder in iepenbiere repetysje fan jûn wurdt.

LC 20.08 1991

'Scholier moet eerder bij kunst betrokken worden'

FD 31.08'91

Door Andries Veldman

LEEUWARDEN - Start bij het begin. Betrek de jeugd bij de kunst. Wij moeten inspirerend werken en kunstenaars niet doodslaan met regels. Deze noodkreet slaakte stadsarchitect ir. H. Heijde-
man gisteravond tijdens het symposium 'De dubbele moraal van het bedrijven van kunst' georganiseerd door het Frysk Keunstynstiu-
tút in de Kanselarij in Leeuwarden.

Heijde-
man ergerde zich aan de discussie waar te veel gesproken werd over kunst-kunst. Een begrip waarmee bedoeld wordt: kunst voor ingewijden. "Dat kan de

bedoeling niet zijn", aldus Heijde-
man die wees op een voorbeeld van de gemeente Delft. Hier worden scholieren al vroeg met kunst geconfronteerd. Via allerlei projecten maken zij kennis met de vele disciplines van en rond de kunsten. "In Friesland is slechts één educatief medewerker voor de hele provincie", zo schamperde Heijde-
man.

Hiermee was de discussie direct afge-
lopen, al was het de helderheid die deed verstommen. Voorzitter R. Heite was er niet in geslaagd de zaal en het forum te bewegen tot een pittige discussie.

Directeur drs. R. Vos van het Fries Museum reageerde lauw op het verwijt uit de zaal dat de opzet van de afdeling moderne kunst bij

het museum te bescheiden wordt gehouden. De ambitie ontbreekt, aldus de spreker die graag iets exclusiefs voor Friesland had gezien. Vos wees onderkoeld op zijn plan om zich te richten op de samenwerking van een collectie rond het portret.

De artistiek leider van het theatergezelschap Tryater, P. te Nuyl, had in het begin van de avond de vloer aangeveegd met de stellingen die bediscussieerd zouden moeten worden. Met de uitspraak 'cryptische woordenpoërij' werden de stellingen van het Keunstynstiu-
tút terzijde gelegd. Niemand was er rouwigom.

Te Nuyl uitte scherpe kritiek op de regelgeving waar de provinciale raad voor de podiumkunsten zich aan dient te houden. Te Nuyl is

hier sinds kort lid van. Hij noemde het absurd dat de helft van het budget - f 100.000 - naar Friestellige projecten dient te gaan. Dit brengt met zich mee dat ongeacht de kwaliteit van de projecten zullen gesubsidieerd worden die geen subsidie verdienen. "Op valse gronden krijgen kunstenaars subsidie en raken ze aan het werk".

Gedeputeerde mevrouw drs. J. Liemburg vroeg af waarom het Noordelijk Filmfestival niet op de landelijke politieke agenda terecht komt. Hiermee zou de status worden verhoogd en de subsidies ver-
groot. T. Entius, tot voor kort lid van de raad voor de kunsten, was kort en duidelijk: "Met het provinciale beleid moet je niveau weten te bereiken zodat je landelijk geld kunt weghalen".

Dubbele moraal fuik voor cultuurspreidingsdebat

LEEUWARDEN - Is kunst per definitie elitair of behoort spreiding over meer sociale lagen in de bevolking tot de mogelijkheden? Is er iets van een Friese identiteit in de in Friesland gemaakte kunst terug te vinden? Mogen bij subsidieaanvragen voor de kunst in de provincie dezelfde normen worden gehanteerd als voor die in de Randstad? Het zijn drie van de vragen die gisteravond in de Kanselarij aan de orde kwamen tijdens een forumdiskussie ter gelegenheid van de Week van de Kunst.

Vragen dus waarover sinds jaar en dag wordt gediscussieerd in kringen van kunstenaars en beleidsmakers en die nog vele jaren als brandstof voor forums zullen fungeren. Het eigenlijke onderwerp, de dubbele moraal van de kunsten, diende - zo bleek aan het eind van de avond - slechts als schaamlap te hebben gediend om publiek te lokken dat wel eens over wat anders wilde praten dan over cultuurspreiding.

De dubbele moraal van de kunsten werd kort na aanvang van het forum van de agenda gevoerd. Piet Hemminga van het Frysk Keunstynstitút, de organisator nota bene van de Week van de Kunst, verklaarde als eerste het niet over die

De radio- en tv-gegevens staan vandaag op de pagina's 20 en 21.

dubbele moraal te willen hebben. Die zou de problemen alleen maar verduisteren. Hetzelfde geldt in zijn ogen voor een aanduiding als 'de Friese identiteit'. Volgens hem is de duidelijkheid ermee gediend gewoon van 'de Friese taal' te spreken. Om die te bevorderen dient er bijvoorbeeld flink geld gestoken te worden in de Friese televisie. Tegelijkertijd moet Friesland de aansluiting bij de internationale ontwikkelingen in de kunst niet verliezen en dus dienen er manifestaties als '11 steden/11 landen' te blijven.

Ton Entius, onder meer directeur ad interim van het Literair Produktie- en Vertalingenfonds, pleitte voor een dubbelsporig provinciaal beleid: proberen aan te sluiten bij de hoge kwaliteitseisen van het rijk en tegelijkertijd kiezen voor het typisch Friese. Dat laatste zou moeten door veel aandacht voor het taal- en letterenbeleid en voor het Fries in onderwijs en media. Hij verweet de leden van de Raad voor de Kunst cynisme door eenzijdig gebruik te maken van kwaliteitscriteria. Volgens hem is het niet reëel een subsidieaanvraag voor Oerol toetsen aan het niveau van het Hollandfestival.

Tryater-directeur Peter te Nuyl pleitte ervoor kwaliteit voortaan nog als enige criterium bij de beoordeling van kunst te hantieren. „Kunst is elitair en dat is juist.” Tegelijkertijd gaf hij als zijn mening te kennen dat sociale cul-

tuurspreiding niet te koste van de kwaliteit hoeft te gaan. De eis, dat de helft van het budget van de provinciale pot voor de podiumkunsten naar Friestalige voorstellingen moet gaan, noemde hij absurd. „Dat zou betekenen, dat als van de twintig aanvragen er slechts twee in het Fries zijn, die per definitie toegekend worden.” De in de zaal aanwezige gedeputeerde Johanneke Liemburg reageerde niet op de kritiek van Te Nuyl.

Ekstra útfiering fan iepenloftspul Jorwert

JORWERT - Oankommen de tiisdeitejûn 3 septimber sil der in ekstra útfiering wêze fan it iepenloftspul 'De bochel fan 'e Notre Dame' yn de Notaristún yn Jorwert. Foar de deis derop wie der al in ekstra jûn festlein. Feriine wike tred koe it iepenloftspul net opfierd wurde, omdat de earm fan spiler Arjen Toering út it potsje rekke.

Justerjûn wie der yn Jorwert sa'n flecht op de koai, dat der mear as fjouwerhûndert minsken werom stjoerd wurde moasten. Goed sânhûndert minsken koenen in plakje krije yn de Notaristún. De organisaasje ferwachtet dat troch it moaie waar ek foar jûn wer mear belangstelling foar it iepenloftspul wêze sil, as der yn 'e tún plak is.

LC 31.08 '91

Alles uit de kostuum-kast



LEEWARDEN - 'Alles uit de kast', maar dan letterlijk, was het motto waaronder de Kostuumkommissie zich gisteravond in de Kancelarij aan de liefhebbers van het Friese kostuum presenteerde. De commissie had met andere woorden zich niet tot de kostuums beperkt, maar ook aandacht geschonken aan wat daar zo aan accessoires en opsmuk bijhoorde. Het getoonde omvatte het tijdperk 1780-1900. Deskundige uitleg zorgde ervoor dat ook degenen die niet dagelijks met de materie in aanraking komen maar toch wel geïnteresseerd zijn op alle vragen antwoord kregen. Er is volgens voorzitter Margriet Keizer uit Veenwouden een groeiende belangstelling voor het werk van de kostuumcommissie. De presentatie maakte deel uit van de 'Wike fan de keunst', een initiatief van het Frysk Keunst Ynstitút, die deze week ter opening van het seizoen in Leeuwarden wordt gehouden. Er was veel belangstelling. Foto LC/Wietse Landman

LC 03.09 1991

Yn kertier sechstich stikjes op toanieljûn

Leeuwarder Courant van
4 september 1991

LEEWARDEN - Neffens de klassike dramatyske wetten heart der yn in tonielstik ienheid fan tiid, plak en hanneling te wêzen. Op 'e toaniel- en kabaretjûn dy't it Frysk Keunst Ynstitút juster yn 'e Kânselarij yn Ljouwert hâlde yn it ramt fan 'e Wike fan 'e Keunst, die bliken dat der noch in fjirde wet mooglik is: ienheid yn tiid fan skriuwen en spyljen. Alle oanwêzigen moasten yn in kertier in sêne skriuwe. De sêne dy't spile waard duorre ek krekt in kertier.

De likernôch sechstich besikers krigen fan de beide provinsjale toanieladviseurs Hilde Mulder en Wouter Daane en de nije dramaturch fan it Frysk Keunst Ynstitút Hans Brans in oersjoch fan wat de ôfdieling toaniel fan dat ynstitút it kommende jier oan moais te bieden hat. De leden fan de Jeugdteaterskoalle lieten yn in skets oer fakânsjefieren eat sjen fan wat se it ôfrûne jier leard ha. Hilde Mulder en dekorûntwerper Gertjan van Kamp fertelden it ien en oar en lieten wat sjen fan 'Moed om te doad-zjen' fan de Sweedske skriuwer Lars Norèn, it stik dat ein oktober yn it ramt fan it presintaasjetanieel

yn 'e Westertsjerke te Ljouwert spile wurdt. Kabaretgroep Twirre soarge foar in fleurich begjin en ein.

